

Oait wie Janneke Spoelstra bang dat se as lesbyske frou bûten de tradysje fan it Fryske doarpslibben falle soe. Efterôf besjoen wie it eangst om 'e nocht. Yn 'In Jikse-libben' – it fjirde diel yn 'e rige Fryske Modernen' – skriuwt se mei waarmte oer har bernejierren op de Fryske klaai. En oer hoe yngewikkeld har aard it libben soms makket.



Janneke Spoelstra: „Myn âldelju binne ek net sa drok. Wy binne frij rêstige minsken.”

Foto LC/Wietze Landman

Yn it ferhaal 'Op in eilân' fertelt haadpersoan Jiks hoe't hja en har freondin Matty op ien fan de Fryske waadeilannen in âldere kollega tsjinkomme. Dy is dêr mei de freondinne mei wa't se al jierren de fakânsjes trochbringt. De beide âldere froulju wenje elk op harsels, mar om't se al sa lang mei elkoar befreone binnen, freegje Jiks en Matty har ôf oft se ek lesbysk binne krekt as sysels. By elke moeting nimme de beide jonge freondinnen har foar om it te freegjen of it yn alle gefallen te praat te bringen. It komt der net fan, oan de ein fan de fakânsje binne Jiks en Matty neat wizer wurden.

Neffens Janneke Spoelstra (1962) jout dat ferhaal aardich de kearn wer fan de wrakseling fan it lesbysk wêzen. „Jo meitsje altyd de ôfwaging: sille of kinne wy it der oer ha? Dat makket it libben soms hiel kompleks. Oaren hawwe dat net sa. Foar har is it in neutraal ûnderwerp, ús spilet it altyd troch de holle.”

„Dat hoecht miskien net, der wurdt jin neat yn 'e wei lein, mar je witte dat er op guon plakken oer de grins hiel oars tsjinoan sjoen wurdt. En yn Nederlân binne der ek noch altyd minsken dy't der muoite mei ha.”

„It is in aspekt dat bepalend is foar jins libbens en dochs wurdt der in soad oer swijd. Ik haw in hiele moaie bernetiid hân yn Hijum, mar doe't ik mear oer mysels begûn nei te tinken, waard it dreger. Doe kaam myn persoanlike ûntwikkeling los fan it doarp te stean.”

Janneke Spoelstra wie in jongesefich famke dat op in tradisjonele manier opgroeide op in hiel gewoan Frysk doarp. Heit wie gerner, in lytse boer. „Wy wisten nooit goed wat wy op formullieren ynfolje moasten wat ús heit die. Boer wie in grut wurd, agrariër klonk sa raar. Wy wennen ek net op in pleats, mar op in spultsje. Heit boude weet, ierappels en letter ek tulpen en wy molken tsien, alve kij leau ik. Oant der in tank komme moast.”

Gjin oerdiedich bestean. De measte oare bern út Hijum kamen út krekt sa'n fermidden.

‘Groeist op mei it idee datst it mar better net wêze kinst’

Janneke Spoelstra skriuwt ferhalebondel oer lesbiennes en it doarpslibben

Heiten dy't net op kantoar wurken, mar thús op it lân de kost fertsjinnen. As bern holpen Janneke en de oaren op it lân, boarten se by elkoar op it hiem en kuorballen se.

„Efterôf liket it hast in organysk gehiel, hoe't dat doe op sa'n doarp gie. Alles spile him dêr ôf. Pake en beppe wennen tichtby, de heiten wennen har hiele libben yn Hijum, de memmen kamen fan Hallum en Stiens. Ik bin hiel lang op Hijum oriënteard bleaun. Ik ha der oant myn seisentritichste kuorballe, ek doe't myn freondin en ik al lang anonym yn in nijbouwyk yn Stiens wennen.”

Dy leafde foar it doarpse en de tradysje brochten har yn in spagaat. Se woe der by hearre, mar wist ek dat se oars wie. Underdiel fan dy tradysje wie trouwen en bernkrije en dat wiene so

krekt de dingen dy't foar har net weilein wiene. Se gie der min ofte mear fanút dat se dêrmei ek automatysk fan de oare kanten fan it doarpslibben útsletten wie.

Sûnt in pear jier wennet se mei har freondinne op in pleatske yn Aldeleije, bouwe se har eigen ierappels en is se warber yn it doarpslibben, ûnder oare as redakteur fan de doarpskrante. „Wy ha fan te foaren de ôfwaging makke, sa'n lyts doarp is wat oars as in nijbouwyk yn Stiens. Kin dat? Dat kin dus, witte wy no.”

It lesbysk wêzen is de reade tried dy't de ferhalen yn 'In Jikse-libben' ferbynt en dy't faak ek foar de spanning soarget. Mar foar generaasjegenooten fan de skriuwster lûkt de beskriuwing fan dat bernelibben op in lyts doarp troch de grutte

werkenberns miskien wol likefolle oandacht. Janneke Spoelstra hat dêr fan te foaren amper by stilstien.

„Jo skriuwe oer wat jo dwaande hâldt, oer jo eigen plakje yn 'e wrâld. Mirjam Vellinga – fan de begeliedingskommisje Fryske Modernen – sei dat se it wol moedich fûn dat ik sa ticht by mysels bleaun bin. Ik hie de ferhalen ek yn Amsterdam spylje litte kinnen of earne oars, om it wat anonimer te meitsjen. Mar ik haw neat mei Amsterdam of mei de stêd.”

Yn de measte ferhalen fan 'In Jikse-libben' rinne feiten en fiksje troch elkoar. Auto-biografyske en út de fantasy fan de skriuwster fuortkommen eleminten wikselje elkoar linich ôf. It ferhaal 'It boek fan Jiks' wykt dêr fanôf. Of ferhaal, it hat mear fan in ferantwurding foar it

skriuwen fan it boek.

Dêr steane sinnen yn as: „Wiesto dêr ek by dan?” Mear as ien kear is it tsjin Jiks sein. Ja, Jiks wie der ek by. Se hat miskien neat sein, net wat dat opfoel yn elk gefal, dat hingjen bleaun is. Of se hat it wol sein mar net lûd genôch, (...) Skriuwt Jiks dêrom, dat minsken lêze kinne dat sij der ek wie?”

In eintsje fierderop stiet: „Wa't net sprekt, sil skriuwe moatte. Sûnder boek is Jiks net, is Jiks niks? Jiks hat gjin bern om de ferhalen oan te fertellen, se hat der it lûd net en it aard net nei om in omsittend laach te fermeitsjen. De lêzers binne de bern, it omsittend laach.”

Janneke Spoelstra hat der gjin muoite mei en jou ta dat sokke sinnen wat oer harsels sizze. „Ik haw fan jongsôf skreaun. As je jong binne, moatte je wat wurde. Ast dêr oer begjint nei te tinken, tinkst: dit wurdt him net, dat wurdt him net.”

„Lesbysk is foar in jong famke net hiel oanloklik om te wêzen. Groeist mei it idee op datst it

mar better net wêze kinst. Komst der dêrom ek net daliks mei nei bûten.”

Op de fraach oft it ek in kwestje fan ferlegenheid is, fan in aard dat net geskikt is om in omsittend laach te fermeitsjen, seit se nuchter: „Myn âldelju binne ek net sa drok. Wy binne frij rêstige minsken.”

„Foar Jiks is it ek in kwestje fan 'to be or not to be'. As se net skriuwt, is se der net. Dat kinst net letterlik op my belûke. Mei dit boek lit Jiks sjen dat se der west hat. Myn eigen bestean hinget as sadanich net fan dit boek ôf. Mar it byld dat minsken fan my hawwe, is mei dit boek wol completer.”

„Ik ha dit boek net allinne foar mysels skreaun. Der is yn it Frysk net earder in boek ferskynd dêr't it lesbysk wêzen mei safolle klam yn oan 'e oarder steld wurdt. Ik ha sels nooit sa'n boek yn it Frysk lêze kinnen.”

Yn it deistich libben wurket Janneke Spoelstra heale dagen by de Fryske Akademy as korrektor fan it Wurdboek fan de Fryske Taal, hat se in eigen oer-

setburo en wurke se mei oan it Prisma Woordenboek Fries. Earder ferskynden fan har de dichtbondel 'Goeie is it wachtwurd' en augustus dit jier 'Bêste ierappels', dat se makke yn 'e mande mei Jantsje Post en Anko de Jong.

Yn en efterop dat boek stiet in foto fan Piet en Hinke de Swart, dy't oait op it pleatske wennen dêr't Janneke Spoelstra no wennet. Pyt de Swart hie in namme heech te hâlden as feredeler fan ierappelrassen. Ien fan de rasen dêr't hy ferantwurklik foar is en dy't hjoeddedei noch altyd ferkocht wurdt, is de Frieslander. Janneke bout se noch altyd as earbetoan oan De Swart.

Se wiist nei it rût dat de wenkeamer fan de keuken skiedt. „Op itselde plak dêr't dy foto makke is - Hinke sit te jirpelskilen - dêr siet ik jierren letter mei Jantsje Post en Abe de Vries - de útjouwer - te praten oer ús ierappelboek. Dat is it moaie fan skriuwen. It iene momint wurke oer in boek oer rjappels, it oare oan in hyperpersoanlik boek.”

SIETSE DE VRIES